

Weromsjen

Faak binne it mar lytse saken mar krekt dy lytse saken ha wol soarge foar in, yn myn eagen, prachtige jeugd.

In weromsjen nei ús jeugd yn de Kanaalstrjitte (7 febrewaris 1955 – 18 desimber 1965).

- It lytsskalige fan dy tiid.
- De bewaarskoalletiid mei juffer Akke, juffer Jantsje en juffer Rieka.
- De legere “âld skoalle” yn it sintrum fan Grou.
- Dy hege finsters yn de lokalen, wy koene eins net nei bûten sjen.



Grou yn 1960

- It smûke skoalleplein.
- Ús masters en juffen, lyk as juffer Prange, juffer Hornstra, juffer Tuinstra (de mem fan Gerben) en net te ferjitten master Homme Fopma; dêrnei ferhuze ik nei de “nije skoalle” en ha ik rom twa jier yn de klas sitten by master Sybren de Jong.
- Ek ha ik dêrfoar noch in skoftke yn de klas sitten by master Jan van der Burg, dy’t yn de kost wie by frou Lindekamp. Sy wennen ek yn de Kanaalstrjitte.
- By frou Lindekamp is foar my it toanielspyljen begûn.
- Master Fopma, dy’t de âlde en de nije skoalle tsjin inoar fuotbalje liet.
- It glês yn de gongsdoar, dat der útbarste, doe’t master Nellie Adema nei bûten skopte.
- De Kanaalstrjitte mei al syn bern, faak fan deselde leeftiid: Lútsen de Jong, Jappie Hoekstra, Nellie Rinsma, Ypie Postma, Anneke van der Pal en ik.
- Mar ek mei Ibele Pijl, Piebe Jan van der Berg, Henkie (turf) de Jong, en wat jonger Hedzer Cnossen, Jopie Jansma, Gosse Langeraap en Germ Hoekstra, ús Gerben, sei syn heit.
- Dyselde heit (Sytse Hoekstra), boerearbeider, dy’t jûns mei de fuotten langút op tafel, “Schön ist die Jugendzeit” song as in klyster.
- Wat fierder wennen Reinder Beeksma, Klaas Berkepas, Leo Piet de Vries en oaren.
- It fuotbaljen op strjittte en net te ferjitten it kegelferdiedigjen ûnder de lantearnepeal by Hedzer syn âlden; “Tientan” sei Reinder tsjin syn muoike. Dat koe allegearre yn de hast autofrije Kanaalstrjitte.

- It hoekjeboartsjen yn dyselde strjitte.
- It autopedzjen op it Master Wielsmaplein.
- De “Fûnens”, dêrt ‘ wy omraak boarten.
- Dyselde “Fûnens” mei syn klimbeam oan it betonpaad, it âlde “wandelpaad” nei de Wetterleiding.
- De rotsooi yn de grûn fan dy “Fûnens” (it âlde stoart).
- De arke fan Tasma mei Jopie en Tom.
- De arke fan in famylje út Frensjer op de hoeke fan it P.M.-kanaal.
- It ark fan Piebe (fisker) de Jong ûnder de hege populieren.
- It skiphûs fan de famylje Knol.
- De bouvier fan Kees (boef) Kleinhuis, dêrt’ wy deabenaud foar wiene.
- De camping op de sânflakte mei de húskes fan û.o. Lievestro, dy’t letter ferhúzen nei de Burd.
- It meitsjen fan hollen ûnder de grûn op dy sânflakte.
- It boartsjen op de Prairie; twa goals fan jassen en dan hâlden wy kopwedstriden.
- De Prairie wie in prachtich boartersplak tusken de Kanaalstrjitte, de Jogchum Nieuwenhuisstrjitte, De Prins Bernhardstrjitte en de Koningin Julianastrjitte.
- De plysjes Klaassens, Mulder en Fokkema (myn buorman).
- De wat âldere famkes, lyk as Pytsje Hondema, Anneke Jonker en Reino Krist.
- It riden yn de winter en de wedstriden, dy’t Sies Hoeneveld organisearre op it Prinses Margrietkanaal.
- It riden op de fuotbalsleat en op it Nijdjip.
- De earste dûnslessen by Van Stralen mei “tussenbal” en “eindbal”.
- De earste jûnen by de “Instuif” yn de âlde Jeugdherberch.
- It jeugdwurk en it toanielspyljen by vader en moeder De Weerd.
- It aaisykjen mei Lútsen, Reinder, Hedzer en Bauke de Jong.
- It ljeppen achter it fuotbalfjild, op nei it “Verlengde Nijdjip” en de Kanaalsleat.
- Dy ferrekte Halbertsmasleat mei syn olie- en benzinefersmoarging.

Mei oare wurden, in protte moaie oantinkens.

Bauke Hooghiemster